

# EFKES FOARSTELLE: GEERT KINGMA

# NIJSBRIEF



Utjefte fan de feriening Freonen fan Omrop Fryslân



Myn hobbies binne fakânsje fiere yn ús eigen caravan yn Appelskea en yn de simmermoannen fuort mei de camper. Ik sjoch graach nei sport en lês in soad. Ik ha sels in oantal jier oan sealfuotbaljen dien by ZVV Avanti, TOSS en Haskerland. Dêrneist ek op it fjild fuotballe by Stiens en DTD. De lêste jierren haw ik noch keepertrainer west by de froulju fan Avanti.

Ik ha der in soad nocht oan te begjinnen as ponghâlder by de Freonen fan Omrop Fryslân!

**Ik bin Geert Kingma** en wenje myn hiele libben al yn Stiens. Wy hawwe in húshâlding dy't út meardere famyljes bestiet. Us eigen bern binne de doar út, we hawwe noch ien pleechdochter fan 12 jier yn 'e hûs. Ik kom sels út in húshâlding mei fiif bern. Wy hawwe in hûn en twa katten.

Ik haw 37 jier by de ING wurke, by de finansjele administraasje as Business Controller. Troch de reorganisaasje bin ik der yn 2016 frijwillich út gien, om't myn stânplak Amsterdam wurde soe. Yn 2017 bin ik myn eigen administraasjekantoar begûn.

Ferline jier kaam de fraach fan Nynke oft ik belangstelling hie foar in funksje yn it bestjoer fan de Freonen fan Omrop Fryslân. Doe't sy my útlei wat de wurksomheden wêze soenen, haw ik fuort oanjûn dat wol dwaan te wollen. Om't ik myn eigen administraasjekantoar haw, kin ik it ponghâlderskip goed kombinearje.

Wy binne thús al in skoftke lid fan de Freonen fan Omrop Fryslân, om't wy it bestearsrjocht fan de Omrop wichtich fine en wy dat op dizze wize stypje kinne. Alle jierren harkje wy mei in soad nocht nei de Fryske top 100. Yn de auto stiet de radio hast altyd op Omrop Fryslân. De telefyzje stiet meastentiids op Omrop Fryslân as der eveneminten útstjoerd wurde. Foar it nijs en it waar brûke we de Omrop-app of sjogge we op de webside.

## SAMAR FERSTOARN



### Andrys de Blaauw

03-06-1942 - 22-03-2021

ús warbere foarsitter, acht jier hat hy fol fjoer dwaande west mei de Freonen

## Bêste Freonen,

Oan it begjin fan elk nij jier krigen jo as freon de *Each & Ear* mei ynformaasje oer de ledegearkomste en oare nijsgjirrige ynformaasje. Ferline jier is dat net slagge en ek dit jier is der gjin *Each & Ear*, mar in Nijsbrief. De reden is wol bekend. It coronafirus hat ús allegearre noch yn 'e macht. Wy kinne as bestjoer op dit stuit net in datum foar de ledegearkomste fêstlizze. De organisaasje foar sa'n gearkomste is te omslachtet. It is net oars. Ek ús 40-jierrich bestean kinne wy net mei jimme fiere, mar we litte ús jubileum net samar foarby gean. Yn de folgjende *Each & Ear* sille we der wat oer fertelle. Wy hoopje dat 2022 wer mear opsjes jout om inoar te moetsjen.

### Bestjoerswiksel 2021

Ofgeand en net-werkiesber: Gea Bouma-van der Zee en Doutsje Hoekstra-de Vries.

Nij te beneamen: Geert Kingma, dy't it ponghâlderwurk fan Nynke Bosgra oernimme sil. Hy stelt him op de efterside fan dizze Nijsbrief alfêst efkes foar. De taakferdieling fan it bestjoer sille wy noch opnij fêststelle. [Tsjinkandidaten kinne skriftlik \(post, mail\) foardroegen wurde foar 1 maaie 2021.](#)

Wy tankje Gea en Doutsje tige foar harren ynset foar de Freonen!

### Nije bestjoersleden

Wy wolle ús Freonen oproppe om harren oan te melden foar de funksje fan bestjoerslid. No't Gea ophâldt, sykje wy ûnder oare in persoan dy't de lede-administraasje byhâlde wol. Jo kinne earst in tal kearen de bestjoersgearkomsten bywenje om mei ús yn 'e kunde te kommen. Yn goed oerlis sjogge we dan hoe't it fan beide kanten foldocht. Is dêr ynstimming oer, dan drage wy jo op

de earstfolgjende jiergearkomste foar as lid.

Wolle jo mear witte of in kear besjen wat it (kompjûter)wurk ynhâldt, belje dan mei Nynke Bosgra op 06- 23 393 443 of stjoer in mail mei jo telefoannûmer nei: [freonen@omropfryslan.nl](mailto:freonen@omropfryslan.nl).

### Ynstimming

It finansjeel jierferslach is yntusken troch de kaskommisje kontrolearre én goedkard. Jo kinne dit ferslach en it jierferslach opfreesje fia de kontaktgegevens ûnderoan dizze Nijsbrief of downloade op [www.omropfryslan.nl/freonen](http://www.omropfryslan.nl/freonen). Dat kin oant en mei 1 maaie 2021. As jo fragen hawwe nei it lêzen fan de stikken dan hearre wy dat ek graach foar 1 maaie 2021 fia de mail.

### Freonlik groetsjend,

It bestjoer fan de Freonen fan Omrop Fryslân

# Smokkel bern

Amsterdam-Fryslân

## IT FERHAAL FAN DE 210 JOADSKE SMOKKELBERN YN FRYSLÂN

Jou ik myn bern oan in ûnbekende mei? Nim ik mei gefaar foar eigen libben in bern op yn myn gesin? It binne fragen dêr't Joadske en Fryske âlden yn de Twadde Wrâldoarloch mei konfrontearre waarden. Yn de lêste jierren fan de Twadde Wrâldoarloch binne hûnderten Joadske bern yn it geheim nei Fryslân smokkele. By Fryske famyljes fûnen se in feilich ûnderkommen en oerlibben se de oarloch.

Omrop Fryslân tekenet tusken 15 april en 5 maaie de ferhalen op yn in rige Fryslân DOK's en in podcast ûnder de titel 'Smokkelbern'. Yn in live TV-útstjoering sille tsientallen Joadske bern fan oer de hiele wrâld online byinoar brocht wurde. De ferhalen wurde makke yn it ramt fan it projekt *De Terugkeer van de Joodse Kinderen*.

As yn Amsterdam yn 1942 de razzia's yn folle gong binne, beslút in groep jonge studinten safolle mooglik bern út de hannen fan de nazi's te rêden. Yn in koart skoftsje smokkelje se mear as 200 Joadske bern nei Fryslân, dêr't se in feilich ûnderdak fine by Fryske famyljes. Fryslân is de earste provinsje dêr't se hinne brocht wurde en ek de regio dy't de measte bern yn 'e

*"Jou ik myn  
bern oan in ûn-  
bekende mei?"*

oarloch opnimme sil.

De bern berikke Fryslân fia trije smokkellinen. Under begelieding fan studintes reizgje sy fia Enkhuizen mei de boat nei Starum. Of mei de feartsjinst fan Amsterdam nei De Lemmer. Of it

folle gefaarlikere spoar fia Utrecht en Zwolle.

### Smokkelferhalen optekene yn Fryslân DOK

Yn in fjouwerdielige rige sil Fryslân DOK de 'bernesmokkel' fan Amsterdam nei Fryslân rekonstruearje. Fred van Vliet beskriuwt hoe't hy troch studinte let van Dijk yn feilichheid brocht is. Jetty van der Hoek krige ûnderdak yn Fryslân en hold yn har lettere libben altyd kontakt mei har ûnderdûkfamylje. Joseph Schijveschuurder is ek in ûnderdûkbern. Hy woe graach by syn pleechâlden yn Fryslân bliuwe, mar der wurdt oars oer him beslist. Louis Godschalk ûntduts pas nei de oarloch dat syn Fryske pleechâlden net syn echte âlden binne.

**De Fryslân DOK's binne fan 17 april oant en mei 9 maaie te sjen by Omrop Fryslân en op NPO2.**



Fred van Vliet



Jetty van der Hoek



Joseph Schijveschuurder



Louis Godschalk

### Smokkelbern live byinoar

Op 25 april wurde tsientallen ûnderdûkbern yn in TV-útstjoering byinoar brocht. De bern fan doe binne no sa'n tachtich jier en wenje oer de hiele wrâld. Fia live-ferbiningen hâldt Omrop Fryslân petearen mei dy 'bern'. Fierder in soad omtinken foar de Fryske pleechfamyljes en de rol fan it ferset. Smokkelbern | 75 + 1 jaar is op 25 april om 17.00 oere te sjen by Omrop Fryslân.

By it projekt heart ek in podcast.

Sjoch dêrfoar op

[Omropfryslan.nl/smokkelbern](https://omropfryslan.nl/smokkelbern)

De Terugkeer van de Joodse Kinderen is in projekt fan Stichting de Verhalen, Friesch Dagblad, Leeuwarder Courant, Tresoar en Omrop Fryslân. Omrop Fryslân hat noch in grut tal projekten yn it ramt fan 75 + 1 jier Frijheid. Sjoch dêrfoar hjir: [Omropfryslan.nl/75plus1](https://omropfryslan.nl/75plus1)

## De ferhalen yn Fryslân DOK

### Diel 1: Teesurrogaat

17 en 18 april

Amsterdamske studinten smokkelen yn de oarloch Joadske bern nei Fryslân. Medisinstudinte let van Dijk brocht sa mear as hûndert bern yn feiligens. Ién fan harren is Fred van Vliet.

### Diel 2: De ein fan de wrâld

24 en 25 april

Op it Fryske plattelân joegen dûmny's, dokters en oare doarpsbewenners yn de oarloch in feilich plak oan Joadske bern. Jetty van der Hoek hold ek yn har lettere libben altyd kontakt mei har ûnderdûkfamylje.

### Diel 3: Nearne thús

1 en 2 maaie

Joseph Schijveschuurder is in ûnderdûkbern. Hy wol graach by syn pleechâlden yn Fryslân bliuwe, mar der wurdt oars oer him beslist. Hy sil him altyd ferdreaun fielen bliuwe.

### Diel 4: Nije grûn

8 en 9 maaie

Louis Godschalk komt der nei de oarloch efter dat syn Fryske ûnderdûk-famylje net syn famylje is. Wa is hy? In libben lang ûnrêst rint út op in ferhuzing nei Israëel.

